LEEUWARDER COURANT

02 maart 2012 , pag. 6

tegast

Frysk prate tsjin plysje is ús rjocht

De ôfrûne dagen is it yn 'e krante te lêzen: it meldpunt fan 'e plysje dy't tsjintwurdich yn Drachten sit freget Friezen 'normaal' Hollânsk te praten as se skilje. Dêr hawwe wy as Fryske studinteferiening F. F. J Bernlef ek wol petear oer hân, want dit kin fansels net.

It Frysk is de twadde rykstaal yn Nederlân en is troch de Europeeske Uny erkend as nasjonale minderheidstaal. Troch dizze erkenning is Frysk binnen de provinsje in offisjele standaardtaal. Dat hâldt yn dat Friezen Frysk prate meie wannear't se dat winskje: it is harren rjocht. Dat, as fan hegerop besletten wurdt om it noardlike meldpunt fan 'e plysje yn Drachten te konsintrearjen is dat net de skuld fan 'e skiller. Dizze befynt him noch hieltyd yn eigen provinsje as er bellet nei de plysje en stiet dus ek yn syn rjocht om syn eigen taal te praten.

Yn 'e rjochtseal mei hja ek Frysk prate, Kneppelfreed hat der net foar neat west. Minsken dy't yn panyk de plysje skilje sille earder harren memmetaal prate, om't dit feiliger en fertroud fielt – krekt as yn 'e rjochtbank. Hollânsktaligen meie harren ek altyd ferdigenje yn harren memmetaal, wêrom wurdt der dan altyd sa dreech dien oer Frysktaligen? Minsken dy't harren net bewust binne fan 'e kultuer en skiednis fan Nederlân ferjitte noch wol ris dat it Frysk âlder is as it Hollânsk.

It wurdt befestige dat Nederlân problemen sjocht dêr't se net binne: der binne ommers genôch mooglikheden. Sa stie der yn de LC fan 28 febrewaris in objektyf stik fan Willem Bosma oer de twatalige plysje yn it bûtenlân. Sa wurdt der referearre oan Wales, dêr't men kieze mei tusken it Welsh en it Ingelsk. In goed foarbyld fan Bosma, om't Noard Nederlân mei Wales te fergelykjen is: it hat ûngefear itselde persintaazje Friezen as Wales Welshsprekkers hat.

Wurkjouwers fan it meldpunt: sjoch ris nei de talekennis fan jo wurknimmers en oars hawwe wy by Bernlef ek noch wol romte foar jim yn 'e Fryske les!

It leit dus inkeld en allinne oan 'e ynstelling fan 'e minsken: „alles moat sintralisearre wurde en dy Friezen moatte net sa seure, dy kinne best Hollânsk prate."

Mar sa't jo yn it boppesteande lêze kinne: Hollânsk prate? Wy kinne it wol, mar wy moatte net.

MARGRIET KINGMA
FFJ BERNLEF